

Sjueryrapport fan de Dr. Obe Postmapriis 1990

(Sj. priis (prijen))

Neffens it reglemint fan de dr Obe Postmapriis wurdt de priis takend "foar oersettingen, yn alle sjenres, sawol foar wurk oerset út in frjemde taal yn it Frysk as oarsom". En mei sjenres wurde neffens datselde reglemint bedoeld "de gongbere literêre sjenres, dêrby ynbegrepen berne- en jongereinliteratuer". De bedoeling is dat de priis takend wurdt "oan dy auteur dy't yn in tiidrek fan trije kalenderjierren foarôfgeand oan it jier fan takennen fan de priis it bêste wurk publisearre hat, op it mêd dêr't de priis op fan tapping is".

De earste sjuery fan de Obe Postmapriis yn 1984, doe't oan Gerben Brouwer de priis takend waard, hie syn eigen ynterpretaasje fan it reglemint; de ynterpretaasje fan de twadde sjuery late ta it advys om de priis oan 'e Tryater-oersetters te jaan, mar dêr hiene guon fan de potinsjele priiswinners beswier tsjin, dat doe moast de hiele priisúttrikking oergean. Sadwaande hat de sjuery dy't fan 't jier oer de oersettingen gear moast, de regleminten der goed op neisjoen. Wy wolle fan de fruchten fan dat ûndersyk hjir yn it koart ferantwurding ôflizze.

Wy ha yn earste opslach de hiele provinsjale opdracht op ús nommen, mar dêrby dochs - lykas de sjuery fan 1984 - in beheining oanbrocht op grûn fan oermacht. Wy kinne net ien fan trijen in letter Poalsk of Oekraynsk, dat wy ha oersettingen út dy talen wêze litten. Dat koe ditkear en mei dizze sjuery net oars. Wat de oersettingen út it Frysk oangiet, wy achten ússels op dat stik fan saken inkeld kompetint foar it beoardieljen fan oersettingen yn it Hollânsk. Dêrom binne wat dat oangiet inkeld de oersettingen nei it Hollânsk ta yn ús beoardieling behelle.

Wy ha de oersettingen yn earste opslach lêzen as literêre produkten op harsels, en dêrnei ha wy ús ôffrege hoe grut ot de útdaging foar de oersetter west hat, en hoe grut ot de mentale prestaasje fan krekt dizze oersetting foar him of har wie. Nei dy beide souwen bleau der hiel wat oer: der is yn de ôfrûne trije jier hiel wat oerset dat de muoite wurdich is en dat as artistike prestaasje skoan meunsterje kin. Wy neame poëzij-oersettingen út de klassiken, fan Rimbaud en Brel, toaniel fan Shakespeare en Büchner en toaniel út ús eigen ieu. Benammen yn it ramt fan Tryater binne op dat mêd belangrike inisjativen nommen.

Dêrnei moast de tredde fraach beantwurde wurde: wat is de kwaliteit fan de oersetting as oersetting? Op grûn fan ús opdracht moast it om oersettingen gean en dus net om bewurkingen. Net omdat bewurkingen op harsels net knappe en weardefolle literêre prestaasjes wêze kinne, mar de wearde fan sokke wurken leit him net yn de oersetkwaliteit. Yn it algemien kinne teksten dy't as oersetting net foar de priis yn 'e benaming komme, wol om oare redenen hiel goede literêre prestaasjes wêze. In priis - ek in oersetpriis - is op it lêst net in absolút weardekritearium foar in literêre tekst. Noch ôfsjoen fan it feit dat de iene sjuery de oare net seit. Yn 'e praktyk is it ûnderskie tusken in oersetting en in bewurking net altyd like dúdlik, en in poëtyske oersetting fan in gedicht sil útsoarte wat frijer wêze meie en moatte as in proazatekst. Wannear is in oersetting te frij en dus eins in bewurking? En krekt oarsom, wannear is er te fersichtich en te stiif en lit er it idioom fan it orizjineel tefolle troch it Frysk hinne skine?

Mei dy fraach komme wy op ús sintraal kritearium: de 'kwaliteit fan 'e oersetting as oersetting'. It tappingen fan dat kritearium is yn 'e praktyk in hiele toer, alhoewol't wy - al

meilézende mei de oersetters - wol beseffe dat de problemen foar de oersetters sels noch wol even grutter wiene.

Ferskate oersettingen hiene goede eleminten en knappe fynsten. Dochs kin dizze sjuery de sjuery-1984 neisizze "dat wy soms de yndruk hiene dat guon oersetters krekt even earder tefreden wiene as de kommisje".

Oersetten yn it Frysk is yn prinsipe slimmer as oersetten yn talen mei in grutter en alsidiger literêre tradysje. Mar krekt dêryn leit ek in útdaging ta eigen krektiviteit. De oersetters lykje de spesifike mooglikheden fan it Frysk net altyd optimaal brûkt te hawwen: faak wurde wat kleurrikere Fryske eleminten en gewoan Frysk sprektaal-idioom ynruile foar 'neutrale' - al of net yn Fryske foarm klaaide - Hollânskeftige alternativen. Dêrtroch wurdt de taal gauris slopper as hoegd hie.

Fansels, der bliuwt altyd krityk mooglik op in oersetting. Mar hiel wat oersettingen hiene gâns better kind as se troch de oersetters sels en troch oaren nochris goed neigien wiene op oersetkrektens en op styl. De Rimbaud-oersetting fan Theun de Vries en de Büchner-oersetting fan Anne Wadman binne fandatoangeande kundich en mei soarch makke, en rinne der dúdlik út.

Dat wy advisearje om oan Douwe Tamminga de priis te jaan foar syn Gysbert-oersettingen yn it Hollânsk, is omdat wy syn oersetprestaasje it grutst achtsje. Tamminga is in grutte útdaging oangien en it is him slagge om foarm en ynhâld fan de fersen fan Gysbert Japicx har gerak te jaan; dêrby is net allinne oan tekst en metrum omtinken jûn mar ek de muzikaliteit fan it oarspronklike wurk ta syn rjocht kommen, en troch de argayske kleur fan de oersettingen wurdt in 17de iuske sfear suggerearre. Dêryn sjogge wy de taalfirtuoas Tamminga oan it wurk, dy't boppedat dúdlik syn alsidigens blike lit: hy hat him oer in grut ferskaat oan sjenres bûgd, lykas hardersfersen, gearspraken en godstsjinstige lieten. It wurk fan de grûnlizzer fan de Fryske literatuer is mei dizze prestaasje op in oertsjûgjende wize tagonklik makke foar it Nederlânsktalige publyk.

Ta beslút noch inkelde opmerkingen fan in wat algemiener karakter. Der binne minsken dy't suver kontinu oan it oersetten binne. As dat kwalitatyf ferantwurde is, soene dy nei ús betinken op 'en doer foar in oeuvrepriis yn 'e beneaming komme moatte. Har priis soe net ôfhingje meie fan it tafallige tiidrek fan trije jier dy't de priis hyltyd beslacht.

Twad: Wy binne by ús sjuerywurk ferskillende oersettingen en bewurkingen tsjinkommen dy't wy net foardrage koene foar in oersetpriis, mar dy't dochs grutte wearde hawwe foar de Fryske kultuer. It soe net ferkeard wêze om ris te besjen ot ek foar manifestaasjes lykas de Tryater-toanielfoarstellingen of de Fryske Brel-presintaasje in aparte priis ynsteld wurde koe.

Tred: Ferskillende sjenres wiene by de oersettingen goed fertsjintwurdige, mar it liket ús sa ta dat der - behalve yn it berneboek-sjenre - navenant te min proaza ferfryske wurdt. Der soe wer ris tocht wurde kinne oan it stimulearjen fan it oersetten fan gruttere proazawurken út 'e wrâldliteratuer.

Ut it Frysk wei is al it ien en oar oersetten. De priis foar Douwe Tamminga soe in gaadlike oanlieding wêze om wer ris nei te gean hokker Frysk wurk noch mear oersetten wurde kin.

In priis heart op 't lêst net in einpunt te wêzen, mar benammen in oantrûn, ek foar in diskusje oer nije mooglikheden.